



DOARPSNIJS

Nûmer 410

septimber 2017

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
secretariaatdb@nijemirdum.nl		
Hedwig Beukens	De Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Jelte Draijer	Omrin 9	571484

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 18 septimber is stoarn Inne de Jong, hy is 90 jier wurden en wenne yn Balk.

BERNE

Op 13 augustus is berne

Julia Charlotte Tess

Famke fan Hendrik Postma en Martine Veltman

Hoitebuorren 29
Nijemardum



FERHÚZE

Fam. Mestemaker nei Middenweg 4, 8381 XM Vledder.

TE KEAP OANBEAN

Berg Favorit 430 Trampoline, is net folle brûkt.

Hoitebuorren 22, til. 571896



IT REISKE NEI INKHUZEN

Yn july soene we al mei in groep (âld-) Nijemardumers nei it Suderseemuseum yn Inkhuzen, mar doe wie it krekt sa'n hjitte dei dat we it ôfsizze moasten.

Tiisdei 19 septimber wie de twadde kâns en wat ha wy in skitterjende dei hân!! Moarns om 9.30 oere rieden we mei 3 auto`s út Nijemardum.

Omdat it aardich mistich wie, hiene we de earste stop al by Van der Valk yn Emmeloord. Hiel noflik lieten wy ús yn de moaie stuollen ploffe.

Kofje mei in hearlik gebakje en it belangrykste: gesellich prate mei elkoar.

Nei it twadde bakje sei ik " kom op we geane fierder". No ik moast it suver noch in kear sizze want se sieten sa noflik.

Op nei Inkhuzen oer de lytse dyk. Yn de auto hearde ik allinnich mar fan" oh, wat ist hjir moai en moast dat sjen.."

Yn Inkhuzen op syk nei it Suderseemuseum... tsjonge, no sa maklik wie dat noch net. "Troch hiele smelle strjitsjes" sei de tomtom. Op in bankje siet in man dy't allinnich in koarte broek oan hie. "Oh moast sjen" rôp Anna "dy hat neat oan". Omdat de tomtom net rjocht wist wêr't we wêze moasten, kamen we wer by dy man lâns.... "oh, hy hat noch hieltyd niks oan.."

Doe't we einlings yn it iepenloftmuseum wiene ,koe de jas hast út want wat waard it prachtich moai waar.

Oer de klinkertpaadsjes rattelen de rollators by in âld skoaltsje, in postkantoar en in weinmakkerij, in snobberswinkeltsje lâns en gean sa mar troch. We wiene echt wer werom yn de tiid.

Nei al dat gesjou krigen we fansels honger dat it wie de heechste tiid om wer wat te iten. Hearlike eigenmakke patat stie op it menu; sa gewoan mar ek sa lekker.

Nei iten gie de reis wer fierder: de Mercedessen wer út de garaazje en de pas der

wer yn. By in fiskrikkerij, in

houtdraaijerij en in moaie mûne

lâns. Dêr moasten we fansels efkes

op de foto. Tafallich kaam der in

man foarby fan it museum en dy

fertelde dat dy mûne út Himmelom

kaam. Neidat de man syn ferhaal

ferteld hie gyngen we rjochting de

wasklinen mei wite lekkens en

ûnderguod: Urk waard dêr neispile

yn 1905.



Doe wiene der noch gjin knipers dat it guod hong tusken twa draaide linen yn. Fekke besocht om by de touslaggerij noch in tou te draaien, dat him op syn 94ste ek noch wol aardich slagge en fansels moasten we ek noch efkes toudûnsje.

Om 16.00 oere stapten wy wer yn de auto, rjochting?

Ja, de measten tochten dat we nei hûs giene mar nee, wy rieden op Urk ôf.

We ha der hearlik mei syn allen fisk iten. "oah en oeh wat is dit lekker" hearden we allinne mar.

Jeltsje, de frou fan de dûmny krige fansels har fisk op in moai board, dat se hast meinimme soe yn de tas.... Foei Jeltsje, wylst wy mei de hannen út in plestik bakje ite moasten.

Ferskil moat der bliuwe.

In dikke sorbet der noch efter oan , dat sa rûn as in tonne giene we wer rjochting hûs.

Jeltsje, Lykele, Janny, Fekke, Anna, Ypie, Elly, Grietsje en Nanda ,sommigen koene inoar net iens, mar wat ha we in prachtige dei hân, geweldich dat jimme mei wiene.

Myn frijwillige sjauffeuzes Roely en Jeannet: super bedankt foar alle soarch en gesellichheid.

"Wat stiet der no noch op it programma" fregen sommigen? De Krystmerk yn Luttelgeast en in brunch by Van der Valk.

Wolle jo oare kear ek mei? Lit it dan mar gau witte.

Groetnis Typysk Wiep



TRAINING OUDEREN ADVISEREN OVER VEILIG WONEN

Beste dorpsgenoten,

Op de laatste dorpsbelangen vergadering heb ik iets mogen vertellen over mijn werk. 'Ouderen adviseren over veilig wonen'

Tijdens deze vergadering heb ik beloofd voor geïnteresseerden een training te geven. Bij deze nodig ik dan ook iedereen uit die interesse heeft in dit onderwerp.

Waar gaat de training over:

De meeste mensen willen, ook wanneer ze ouder worden, gewoon in hun huidige woning blijven wonen.

Ik laat tijdens de training veel slimme, (vaak) kleine en praktische oplossingen zien om de bestaande woning hiervoor geschikter te maken. Bijvoorbeeld: slimme technologie, woningaanpassingen, brand- en inbraak preventie.

Deze training is interessant voor: mensen die werken in de thuiszorg, bouw of installatiebranche. Maar zeker ook voor mensen die zelf willen weten wat er allemaal mogelijk is of wanneer u oudere ouders heeft.

De training is op woensdag 1 november van 20.00 tot 22.00 bij mij thuis (Hoitebuorren 31)

Heeft u nog vragen of wilt u zich op geven:

Mieke Koot T 0654238830 of M mieke@generatiethuis.nl



IT HIMD FAN IT GAT

Yn it ramt fan de “Nationale burendag” krigen wy fan Sjoukje-Doarpsbelang in alleraardichste útnoeging om mei de buorlju yn ‘e kunde te kommen. Soks hâldt de kontakten yn ús doarp libben.

It stiet hiel Nijemardum noch wol goed by hoe’t ús buorman Wieger Pietersma op syn 40^{ste} jierdei ein 2013 troch syn fleurige famylje op in besite fan Omrop Fryslân traktearre waard. Op dy “hea(r)like dei” stie syn bêd yn ‘e tún en lei Wieger foar de tillevyzje út dat hy alles hie wat syn hert begerde behalve dan in moai Frysk Famke. Hoe’t dat sa koe? “No ja, ik bin der gewoan net oan ta kommen..” Op syn oprop kamen in soad reaksjes, ek fan Jiska Janssen en dy wennet no al wer 2 jier foar ús oer op Lyklamawei nûmer 61. Sy groetet ús altyd freonlik en ik sjoch har gauris op it hiem ompielen en op har Frysk hynder riden. It wurdt heech tiid om neier mei dizze buorfrou yn ‘e kunde te kommen. Soe sy op de útnoeging fan Doarpsbelang foar in moarnsbrochje yn it doarpshûs yngean sille? Ik beslút om dat net ôf te wachtsjen en freegje har foar in petear yn ús Doarpsnijs.



Ik belje by de foardoar... gjin beweging yn ‘e hûs te sjen. Nochris belje.. wat langer.... ik hear en sjoch neat, net thús tink? Dan ynienen giet it lûk yn ‘e foardoar iepen en dêr stiet Jiska (achter it loket) “Goeie Jiska, eh, eh, docht jimme belle it wol? Ik ha it net heard. (oeh, wurde myn earen sa min?)”. “Wy ha de belle derôf want as ik út de nachtsjinst kom, lis ik op bêd en dan wol ik net steurd wurde.” Sa sit dat dus en net oars

“Eh Jiska, soe ik miskien in ynterview mei dy ha meie foar ús Doarpsnijs?” Jiska twifelet net. “Jawis wol, wannear moat dat wêze?” Wy prate in dei en oere ôf en

it lûk giet wer ticht. Soe it famke, dat by Wieger yn it nêst krûpt is, it hjir wat nei 't sin ha? Ik bin benijd.

As ik in dei letter by de achterdoar “folluk”rop, wurd ik hertlik begroete troch har hûn Storm en Jiska wol my earst graach op it hiem rûnliede. Ik bewûnderje û.o. de foartún, in moai bankje en oeral potten en planten en it nije skud. Der is ek plak makke foar har hynder en de shetlandpony.

Och, och, wat is der op it hiem fan ús âlde buorlju Wieger Sr. en Grietsje in soad feroare.

En no mar gau yn 'e hûs om tee. Krekt as ik de fragelist pakke sil, sjogge wy foar hûs in

stikelbaarch rinnen. Jiska is net te hâlden “Oh

Annie, sjoch dêr” en wol daliks in foto fan it bistke meitsje. Dat slagget noch

krekt... Werom yn 'e keamer sjoch ik my de eagen út.” Wat is it hjir moai!” rop ik

en dan fertelt Jiska hûndert út oer alle feroaringen dy't sy brocht yn it feilige nêst

fan Wieger. It skuorjen en fervjen fan de muorren en de balken en it oppimpen fan âlde meubels...



Wannear bisto berne?

Op 20 juny 1979 yn it sikehûs fan Ljouwert. Us heit en mem wennen doe yn Hijum, in doarpke boppe Stiens. Doe't ik 7 jier wie binne wy nei Ljouwert ferhuze, want ús heit wurke dêr by de Dienst Landbouwgebied.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de basisskoalle ha ik op it A.O.C. (eardere Lânbouskoalle) it V.B.O. ôfdieling feehâlderij dien. Letter ha ik it M.B.O. noch dien rjochting hynderhâlderij. Ik ha oan it wurk west as trainer by it túgjen en by keuringen, mar soks wie seizoenwurk. Doe't ik yn Haaksbergen by in bedriuw oan it wurk gyng hie ik al gau yn 'e gaten dat de hynderwrâld yn al syn fasetten wol tige hurd is en dat dat net by my passe. Ik ha der in wike west en doe wie it my wol oer.

Mar doe?

Doe ha ik fan alles oanpakt, want stilsitte en skrieme wie gjin opsje. Ik woe benammen hiel graach leare om mei minsken om te gean. Earst bin ik skjinnmakster wurden by de Hotelskoalle en it Arbeidsburo. Ik ha produksjemeiwurkster west yn Drachten en ha trije jier yn in supermerke yn

Aldegea oan it wurk west. Letter ha ik noch 4 jier in oplieding Yndividuele Sûnensoarch yn 't Hearrenfean en Ljouwert folge.

Watfoar wurk dochsto no?

Ik bin no yn 'e fersoarging by it Ferpleechhûs Lijtehiem yn Oerterp oan it wurk. Dêr wenje 24 âlderen dy't demint binne en ek noch 15 jongere bewenners mei in geastlike beheining. Ik wurkje útslutend yn 'e nachtsjinst.

Wat woest as bern graach wurde?

Boerinne! As lyts famke wie ik al gek mei hynders en it libben op in buorkerij like my geweldich. Ik woe graach mei in boer trouwe en dan waard ik fansels boerinne. *Dat is net hielendal slagge leau ik, mar it begjin is der, want neist de hynders en de hûn ha ik ek noch hinnen rinnen sjoen...*



Hast neist de fersoarging fan Wieger en dyn “feestapel” noch oare hobby’s?

Oh ja, ik mei ek tige graach nifelje: timmerje, meubels meitsje of oppimpe, yn 'e tûn wurkje, mar hake fyn ik ek leuk. Ik ha in hiel listke mei lytse kadootsjes dy't ik sels meitsje wol.

Hokke t.v.programma’s hâldsto fan?

Ik sjoch net safolle omdat ik jûns faak nei it wurk moat, mar foar ûntspanning sjoch ik graach nei de dramasearje op 5: Providence en wolris nei in detektive. Fierder folge ik de nije trends fan VT Wonen wol wat.

Hâldsto ek fan muzyk en lêzen?

Earder lústere ik nei de Rolling Stones, rock- en countrymuzyk en gyng ik ek wol nei konserten, mar dy tiid ha ik hân. Ik lês hast gjin boeken, mar besjoch de plaatsjes wol.

Wat fynst fan it Doarpsnijs?

Ik besjoch earst de foto's en dan lês ik it meastal wol wat troch

Wêr soest net sûnder kinne?

Wat in fraach! Ik bin wiis mei alles om my hinne mar soms moat men ynienen ôfskie fan ien nimme en wurdt der net frege as je sûnder kinne, dan *moatte je gewoan fierder!*

Dizze fraach hat mear lading as ik foarsjoen hie want hy bringt ús ek op it waarme Pietersma-nêst, dêr't Wieger yn grut wurden is. De soarch foar elkoar en it omtinken wie en is der gewoan en dat giet fansels. Hoe oars gyng dat by Jiska: sy hat al jong leare moatten om harsels te rêden en dan is men somtiden

hast ferlegen mei oandacht fan bûtenôf..... Wy krije noch in bakje tee en Storm moat derút te pisjen. Jiska ek....

Wat soest net misse kinne yn dyn wenkeamer?

Jiska wiist in kast oan dy't fan har âlden west hat. "Dit kastke is hast 100 jier âld en ik ha it sels hielendal opknapt."

Praatsto altyd Frysk?

As minsken tsjin my Frysk prate doch ik dat ek.

Geane jimme ek mei fakânsje?

Om my hoecht it net, want ik bin hjir it leafste, mar Wieger mei graach op fakânsje en dêrom ha wy al ris nei it Amelân en Texel west. Ofrûne juny ha wy nei Gees yn Drinte west.

Hasto ek winsken of woest fierder noch wat kwyt?

Myn winsk is om letter hjir, neist de garaazje, in winkeltsje mei kadootsjes foar de smelle beurs te begjinnen. Mar earst moat Wieger syn nije hok klear wêze. Hy wol dat sels meitsje en dan wurdt it prachtich. Wy rinne wer nei bûten ta en besjogge achter hûs it moaie ûnderkommen foar de hynders, it hiem dat yn lytse stikjes ferparten is, sadat dy hieltyd yn in farsk hoekje rinne kinne. Se ha ek in sânbak. De hinnen wurde loslitten en skarrelje lûd keakeljend yn it gers om. Der is in grientetún en och, dêr stiet it âlde hokje, dat buorman Wieger Sr. eartiids fansels fan brûkt hout makke hat. Ja, it bêste is derôf, de mûgel hat it hjir tige nei 't sin. Soe dit bouwurk de foarseine stoarm fan de kommende dagen trochstean? Fêst wol, mar Jiska hat plannen makke foar in nije takomst mei har Wieger. Sûnder mûgel.

Ik tink net dat wy Jiska op it moarnsbrochje yn it Doarpshûs moetsje sille, want sy leit dan fansels hearlik te sliepen. En Wieger? Ja, dy moat djip neitinke en rekkenje: wer in stikje fan it âlde nêst slope en nei it stoart bringe? Efkes nei mem om in bakje of noch efkes op bêd?



Ik folgje it mei niget (achter de geraniums).

Annie



FISKWEDSTRIID NIJEMARDUM

It wie op in pear lytse reindrippen nei wer prachtich fiskerswaar doe't op sneon 26 augustus de fiskwedstriid fan Nijemardum by de Sânfearth hâlden waard. Sa'n 25 fiskers hiene har ark meinommen om de fisken út it wetter te heljen.

Fan 7 oere ôf waard der omraak angele. Albert Bekedam hie der ek dit jier wer foar soarge dat we de dobbers goed sjen koene. Hy meande it reid der wer kreas ôf. Rienk en Jaap Douwe hiene it der mar drok mei om alle fongen fisk by de



dienimmers op te mjitten. De fisken ha wol ris better bite wollen, mar dochs waarden der sa 'n 34 fisken omheech helle! It wie in gesellich barren. Der wie sels catering foar de dielnimmers en de minsken dy't foar de gesellichheid kamen: in hearlik bakje kofje, tee of ranja fan Jeannet Bekedam. Dhr. van Wezel, alle jierren gast by de Bekedamster, wie ek wer fan de party. Hy hie ek dit jier wer in prachtige oanmoedigingspriis makke. Doe't om healwei njoggenen it lûd kaam as teken dat der net mear fiske wurde mocht, moast der drok rekkene wurde. Nei in dreech petear fan de sjuery, wie it spannend wa't dit jier de wikselbeker mei nei hûs nimme koe. By de grutten wie de earste priis foar dhr. van Wezel. Hy hie mar leafst 9 fisken fongen mei in totale lingte fan 102 sm. De wikselbeker mocht hy net meinimme, mar wol in hearlik fleispakket. De twadde priis wie foar Bernardus Gijzen: 4 fisken mei in totale lingte fan 51 sm. De tredde priis wie foar Johannes v.d. Goot mei trije fisken en 40 sm lingte. Ek foar de twadde en tredde priiswinner wie der noch in lekkere priis fan de slachter. By de bern wie it ek oan't lêst ta spannend wa't der mei de earste priis fan troch gean soe. De measte fisken kamen by Erja Hylkema oan de heak. Sy hie 4 fisken fongen mei in totale lingte fan 55 sm. De twadde priis krige Jesse Eppinga. Hy hie 3 fisken fongen, yn totaal 46 sm lang! De tredde priis wie foar Marrit Bangma mei in totale lingte fan 40 sm mei trije fisken. Dit jier wie der ek in poedelpriis beskikber steld troch de slachter! Dy wie foar Boâke Pietersma, hy sprong yn de bres foar in jonkje fan wa't de angel fêst siet yn de pompeblêden. Hy strûpte de

koarte broek in ein omheech, de skuon út en rûn sa it wetter yn om de angel los te meitsjen. Dat wie ek wol in priis wurdich fûnen wy!

Nei de priisútrikking seagen alle bern mei grutte eagen wa 't de draak mei nei hûs ta nimme mocht. Dit jier wie de famylje v.d. Meer de gelokkige. Mei de hiele húshâlding en 1 angel foar it earst meidien! In

oanmoediging om it it oare jier wer te besykjen. It skimere al doe't de fiskers wer op hûs oan giene, nei in tige slagge fiskwedstriid.



Bestjoer Doarpsbelang

BINGO!

Wer ta oan in jûntsje fol spanning en geselligheid?

Sneon 21 oktober ha wy wer in gesellige bingojûn foar jong en âld yn ús Doarpshûs.

Set 21 oktober mar op de kalinder, jimme komme dochs ek?

We begjinne om 20.00 oere en spylje dizze jûn wer om ferpakte jildprizen. Oant sjen.

De lokaalferiening



INTEGRALE BROEDVOGELKARTERING

Dit jaar is het gehele Lycklamabos geteld. Dat wil zeggen dat over een oppervlakte van bijna 100 hectare door drie mensen de volledige broedvogelbevolking in kaart is gebracht. In grote lijnen wijkt het beeld voor het totale bos weinig af van het beeld in het Zuidelijk deel, dat inmiddels alweer 10 jaar wordt geteld.

“The big five” in het Lycklamabos is misschien wat minder indrukwekkend dan wat ze er in Afrika onder verstaan, maar bij ons zit de schoonheid wat meer in het detail. Roodborst, Koolmees, Vink, Zwartkop en Winterkoning komen het meest voor. Maar juist de soorten die in lagere aantallen voorkomen, zeggen het meest over de kwaliteit van het bos. Soorten als Vliegenvangers bijvoorbeeld, maar ook Appelvinken. Die Appelvink is een robuuste vogel met een prachtig verenpak, dat je helaas maar zelden te zien krijgt. De vogel zit doorgaans hoog in de bomen en maakt zijn aanwezigheid kenbaar met een simpel geluidje dat zich nog het best laat omschrijven als “P’tik”. Van een welluidende zang is bij deze soort geen sprake. Zoals vaker is zijn Fryske namme doeltreffender: Kersebiter. Het is een uitgesproken zaadeter, met een voorkeur voor de wat grotere zaden. De massieve snavel van deze vogel is in staat een druk uit te oefenen van 45 kg. per cm². En daar bezwijkt zelfs een kersenpit onder.

Een andere bijzonderheid dit jaar was de aanwezigheid van de Iberische Tjiftjaf. Die is heel zeldzaam voor Nederland, en er is tot op heden nog geen broedgeval in ons land vastgesteld. Of dat in het Lycklamabos wellicht de eerste voor Nederland zal zijn, staat echter nog te bezien. Er bestaat een



speciale commissie die dit soort zeldzaamheden beoordeelt, en die zal zich er nog over buigen. Vaak zijn uitgevlogen jongen nodig als hard bewijs voor een geslaagd broedgeval, en die hebben we niet gezien. Maar het mannetje zat in ieder geval langdurig fanatiek te zingen, en dat was een genot om te horen.

Al met al blijkt dat ons Lycklamabos inmiddels een geschikt huis is voor 37 soorten vogels om hun nageslacht in groot te brengen. In de tabel zijn ze nog even op een rijtje gezet.

Soort	Lycklamabos west	Lycklamabos oost	Lycklamabos zuid	Totaal
Sperwer		1		1
Buizerd		1	1	2
Holenduif	4	2	1	7
Houtduif	6	4	3	13
Koekoek			1	1
Kerkuil			1	1
Grote Bonte Specht	4	4	5	13
Boompieper	4	5	2	11
Winterkoning	15	14	19	48
Heggenmus	1			1
Roodborst	17	27	13	57
Gekraagde Roodstaart	3	2	1	6
Merel	13	12	10	35
Zanglijster	4	1	6	11
Grote Lijster	2	2	1	5
Tuinfluter	3		8	11
Zwartkop	8	8	19	35
Fluiter		1		1
Tjiftjaf	8	6	13	27
Iberische Tjiftjaf	1			1
Fitis	11	12	11	34
Goudhaan	2	5		7
Grauwe Vliegenvanger			2	2
Bonte Vliegenvanger	1	2	1	4
Staartmees	1	2	1	4
Glanskop			3	3
Matkop	2	5	1	8
Zwarte Mees		1	1	2
Pimpelmees	14	14	13	41
Koolmees	12	22	17	51
Boomklever	6	4	4	14
Boomkruiper	11	9	8	28
Gaai	2	3	1	6
Zwarte Kraai	1	3	2	6
Vink	12	19	9	40
Groenling		1		1
Appelvink	5	2	2	9

WA BIN IK ?

Wat wer in moaie foto fan in kreas jong faam.
Mar soe de foto ek wat te dreech wêze ?
Wy as redaksje mienden der dôchs mar in lyts wei-
jouwerke by te dwaan.
Hiel lange mouwen ? No Itty Rienstra wie der gau út:
Rina de Lange fansels.
Dat wie tûk betocht mar nee, it gie om de mouwen
en net om de lange.
En dat wisten Roely en Teatske Veen.



Doe't ik dy tsjin kaam yn de supermerk (hoe koe it
ek oars) rôpen sy al fan fier " Ha Jantsje, wy wisten it al gau: it is Nanda Mouw"
En sa is it. Mar sy wienen net de ienichsten; der sitte leafst njoggen goede
antwurden yn de hoed. In inkele beller tocht noch dat it Fetsje Eppinga wie.
No is it tafallich wol sa dat Fetsje by Nanda op Heaburgen wennet.
Nanda is berne yn Barneveld en op dizze skoalfoto is sy âlve jier âld .
Har heit wie dûmny en wannear't hy in berop krige ferhuze de húshâlding fansels
mei, dat sadwaande hat Nanda op ferskate plakken wenne.
Nettsjinsteande dy regelmjittige ferhuzerijen is it har dôchs slagge om de
ferpleechoplieding yn Middelharnis ôf te meitsjen. Yn 1967 kaam de famylje nei
Aldemardum, en 7 jier letter waard Nanda boerinne yn de Marderhoek. Dochter
Martha wennet no noch mei man en bern op dizze buorkerij. De earste
sûkerbôle nei de simmerfakânsje is foar Pieter van der Wal. Lokwinske !



Dan no wer in lyts famke

Witte jimme wa't dit is ?

Belje gau nei nr 571889

Dat kin oant en mei sneon.

Jantsje

Bazaarcommissie O.N.S organiseert ten bate van de
P.K.N. OUDEMIRDUM NIJEMIRDUM en SONDEL
haar jaarlijkse BAZAAR op

Zaterdag 14 oktober 2017
van 9.30 uur tot 15.00 uur
in MFC "It KLIF" te OUDEMIRDUM

met veel leuke raad- en doe spelletjes voor jong en oud,
laat u verrassen op de Bazaardag
en alles met mooie prijzen te winnen !!!!!!!

Verder is er o.a. te koop:

Allerlei soorten jam en gelei

Honing

Zoetzuur van augurk en courgette

Tulpen – en narcis bollen, in de mooiste kleuren

Kaarten in velerlei soorten, handgemaakt

Cadeauartikelen

Kabouters, handgeschilderd

Bloemdecoraties, kransen en viooltjes in pot

Etagères voor vogelvoer in verschillende uitvoeringen

Houten voorwerpen, handgemaakt, insectenhôtels

Eigengebakken koek en cake

Zelfgemaakte yoghurt

Natuurlijk.....de gebreide sokken, ook op nabestelling

*In de speciale koffiehoek is er gelegenheid voor
een aangekleed bakje koffie, thee of fris.*

KORTOM, VOLOP SFEER

Dit alles mag U niet missen.
Reserveer de datum, plaats en tijd in Uw agenda

UITNODIGING

Inloopbijeenkomst herinrichting Nijemirdum

Dinsdag 31 oktober 2017 in het dorps huis van 17.00 uur tot 20.00 uur

In Nijemirdum leeft al jaren de wens voor een herinrichting van de Lycklamawei binnen de bebouwde kom.

Het dorp wil graag gelijkwaardige kruisingen binnen de kom. Op dit moment is de maximum toegestane snelheid binnen de kom 50 km/uur. Uitgangspunt hierbij is dat de voorrang wordt geregeld. Gelijkwaardige kruispunten horen dus niet bij een maximum toegestane snelheid van 50 km/uur. De wens voor gelijkwaardige kruisingen brengt dus meer met zich mee dan alleen de kruispunten aanpassen. Dorpsbelang en de gemeente De Fryske Marren zijn gezamenlijk aan de slag gegaan met bovengenoemde wens. Dit heeft geleid tot de volgende plannen:

- Snelheid binnen de bebouwde kom verlagen naar 30 km/uur (instellen 30 km/uur-zone);
- Kruisingen aanpassen en gelijkwaardig maken waardoor aan rechts voorrang moet worden verleend;
- Komgrenzen aanpassen en versmallen;
- Behoud van 80 km/uur komende vanuit de dorpen Sondel en Oudemirdum;
- Instellen van 60 km/uur tweehonderd meter voor de komgrenzen.

Bovengenoemde plannen willen wij graag aan de inwoners presenteren. Graag ontvangen wij uw mening over de genoemde plannen. Wellicht zijn er zaken waar niet aan gedacht is. Aan de hand van een inloopbijeenkomst wordt u op de hoogte gebracht van de plannen. Deze bijeenkomst zal plaatsvinden op 31 oktober aanstaande waarbij u tussen 17:00 uur en 20:00 uur kunt binnenlopen om de tekeningen te bekijken. Een aantal medewerkers van de gemeente zijn hierbij aanwezig. Zij zullen uitleg geven en eventueel vragen beantwoorden.

Voor de goede orde wil de gemeente De Fryske Marren wel te kennen geven dat zij nu op een andere manier te werk gaan dan bij andere projecten. Meestal vindt een inloopbijeenkomst pas plaats wanneer het gevraagde geld al beschikbaar is. In dit geval is nog geen geld beschikbaar. Het bedrag van de

mogelijke herinrichting kan pas aanvraagt worden bij kadernota aanvraag van 2018. Als het college en de raad akkoord gaan en het bedrag beschikbaar stellen, kan de uitvoering pas op zijn vroegst in 2019 plaatsvinden. Er is dus niet eerder zekerheid dan wanneer het gevraagde bedrag beschikbaar is gesteld.

De Fryske Marren
Klaas Knobbe
Dorpencoördinator

VOLLEYBALLERS GEZOCHT

De vakantie ligt alweer een tijdje achter ons en de sporten zijn weer begonnen waaronder het volleybal.

We hebben bij NOK recreatievolleybal en wedstrijdvolleybal. Zowel voor vrouwen als voor mannen.

Bij de recreatie op donderdagavond zijn 8 enthousiaste vrouwen. Dit is eigenlijk te weinig om even lekker te spelen. Daarom een dringende oproep voor iedereen, ook mannen zijn welkom, om op donderdagavond van kwart voor 8 tot 9 uur even lekker met een teamsport bezig te zijn. Ik probeer elke week weer een afwisselende en leuke training te geven. Het is in de sporthal "it Klif" te Oudemirdum.

Maar mocht je toch ook graag wedstrijden willen spelen, wij bij Dames 2 van NOK zoeken ook nog enthousiaste spelers. Wij trainen op dinsdagavond van 9 tot kwart over 10 ook in Oudemirdum.

En mocht je als man graag wedstrijden spelen dan kan je bij Heren 2 mee spelen. Zij trainen ook op dinsdagavond van 8 tot kwart over 9 in "de Gearte" te Bakhuizen.

De wedstrijden zijn op vrijdagavond hier in de regio en in Oudemirdum. Je bent altijd welkom om een paar trainingen mee te doen om te kijken of het wat voor je is.

Wil je meer weten bel Sjoukje Kramer, tel 571785

Graag tot ziens, Sjoukje Kramer



HUISNUMMERS IN HET BUITENGEBIED

112 – Als elke seconde telt

Bij bijvoorbeeld brand, een inbraak, een ongeval, een hartaanval of beroerte wordt 112 gebeld. Als dan iedere seconde telt en hulpdiensten zeer snel bij het correcte adres moeten zijn, komt het heel vaak voor dat er geen of slecht leesbare huisnummers zijn. Hierdoor verliezen hulpdiensten enorm veel tijd.

Het probleem

Oorzaken zijn dat huisnummers vanaf de weg niet goed zichtbaar zijn, omdat de afstand tot de woning te groot is, achter een struik of boom verscholen ligt, of aan de zijkant van de brievenbus of het huis.

Voor de hulpdiensten en betrokkene is het meer dan vervelend als ambulance, politie, brandweer of de huisarts bij het verkeerde huis staat.

De oplossing

Reflecterende huisnummerbordjes bij de oprit zorgen ervoor dat woningen dag en nacht goed vindbaar zijn.

Ons aanbod

De gemeente vindt het belangrijk dat de hulpdiensten goed hun werk kunnen doen. Wij bieden daarom eenmalig aan inwoners die buiten de bebouwde kom wonen, de mogelijkheid een reflecterend huisnummerbordje aan te schaffen. De kosten per huisnummer zijn € 15,00. Daarvan betaalt de gemeente de helft. Als inwoner betaalt u dus € 7,50.

Bestellen bij de gemeente

U kunt via het emailadres: huisnummers@defryskemarren.nl een reflecterend huisnummerbordje bestellen. Wilt u daarbij aangeven uw naam, uw adres, uw telefoonnummer, uw emailadres en het gewenste huisnummer.

U kunt tot 1 november a.s. uw bestelling doorgeven.

Nadat wij de bestellingen hebben ontvangen, geven wij dat door aan de leverancier.

Wij informeren u vervolgens vanaf welke datum de bordjes afgehaald kunnen worden.

Uitlevering

De leverancier levert uw bordje vervolgens af bij Bergsma in Balk. U betaalt € 7,50 in de winkel.

Klaas Knobbe
Dorpscoördinator

N359

De komende periode werkt de provincie Fryslân op verschillende plekken aan de provinciale weg N359. Dat kan zorgen voor verkeershinder. Via dit “doarpsnijs” breng ik u graag op de hoogte.



N359 Lemmer – Sondel

Op maandag 25 september starten we met de werkzaamheden tussen Lemmer en Sondel. Aannemer Reimert werkt alleen op werkdagen (van maandag t/m vrijdag). Het werk duurt tot vrijdag 27 oktober.

- Overdag tussen 7.00 en 20.00 uur is er in ieder geval één rijstrook beschikbaar. Het verkeer kan dus gewoon doorrijden, maar moet wel rekening houden met vertraging. Er staan stoplichten om het verkeer te regelen.
- 's Avonds en 's nachts is de weg van 20.00 tot 6.00 uur **afgesloten**. Het verkeer moet dan rijden via een omleidingsroute.
- In de weekenden is de weg open.

N359 Lemmer

Vanaf 2 oktober start ook het werk aan de weg door Lemmer zelf. Dit gedeelte sluiten we in de eerste weken nog niet af. Maar ook hier moet het verkeer rekening houden met hinder in de vorm van vertraging.


Op de hoogte blijven?

We willen iedereen tijdens de werkzaamheden zo goed mogelijk op de hoogte houden. Dat doen we via www.fryslan.frl/lemmer en via onze facebookpagina www.facebook.com/n359lemmer. Op beide pagina's vindt u omleidingsroutes en de planning.

*Mei freonlike groetnis, Despina Charalabidis
Communicatieadviseur Afdeling Infrastructuur en Mobiliteit provincie Fryslân*

EEN KLEINE SFEERIMPRESSIE VAN EEN ZEER GESLAAGD NIJEMIRDUMER DORPSONTBIJT





*Elk voorjaar
heb zijn
najaar*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

- 14 oktober : Bazaar PKN ONS
- 21 oktober : BINGO
- 31 oktober : ynformaasjejûn herinrichting

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 25 oktober 2017

Let op! Yn augustus ferskynt it doarpsnijs net!

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 18 oktober 2017

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com